



## Ferslach jiergearkomste FFU, tongersdei 7 juny 2007

*Plak:* Hotel Wyswert (CHN), Rengersleane 8, Ljouwert

*Tiid:* 17.00-18.00 oere

*Oanwêzich:* T. Dykstra (foars.), Sytze T. Hiemstra (skr.), Ed Knotter (skath.); leden: Liskje Flapper, Wim Grit, Koop Scholten, Johan Bloem

*Mei berjocht ôfwêzich:* Pyt W. Deelstra, Th. van der Veen, Germ Gerbrandy, Douwe Willemsma

### 1. Wolkom

Us foarsitter kin inkelde leden in wolkom taroppe, nei't it lokaal op Wyswert (039) dat ús taskikt is, wol fûn is, mar tige fierôf leit fan it plak dêr't it kongresprogramma fan de *VLLT*, seksje Frysk *Fierder mei Frysk V* him yn it gebou ôfspile hat. Wy hawwe in oare romte socht en hoopje net dat guon leden ús om dy reden net fine kind hawwe.

It *VLLT*-kongres is goed slagge. Wy wurkje, as it om it kombinearjen fan gearkomsten giet, de lêste jierren gear mei de seksje Frysk fan de *VLLT* (Ed Knotter en Sytze T. Hiemstra binne ek lid fan dat bestjoer) en ek wol mei it *Pedagogysk Wurkferbân*.

It liket ús foarsitter gjin goed ding dat yn it nije Kolleezje fan Deputearren *kultuer* en *ûnderwiis* net langer yn ien hân binne. Deputearre Bertus Mulder hat der altiten foardielen yn sjoen as it yn ien hân is, want beide mêden reitsje inoar geregeld en dan wurket it flotter en better. Wy hawwe no wat it Frysk oanbelanget, wer te krijen mei twa ferskillende deputearren: frou Schokker (basis-, fuortset ûnderwiis en (f)mb-ûnderwiis) en frou De Vries (kultuer en taal, taalbelied skoallen en pjutteboartersplakken en it hbû en wû). Dy fersnipeling makket it provinsjaal taal- en ûnderwiisbelied grif net slachfeardiger.

### 2. Wurklist

Dy wurdt yn de foarm dy't foarleit, fêststeld.

### 3. Ferslach jiergearkomste 1 febr. 2006

It ferslach oer it *húshâldik part* fan de jiergearkomste en it mienskiplik part oer de Fryske kanon, dy't op deselde jûn sintraal stien hat yn de mienskiplike gearkomste mei de *seksje Frysk* fan de *VLLT* en it *Pedagogysk Wurkferbân* fan de Fryske Akademy, wurdt ûnferoare goedkard.

Nei oanlieding fan it ferslach wurde guon saken fierder bepraat. Sa hat de steatsnasjonale kanonkommisje-Van Oostrom ein 2006 syn kanonadvys oan de minister fan OCW útbrocht dêr't ús (Fryske) winsken net yn werom te finen binne. Wy hawwe dêr in protte krytyk op en de komisje dêr wer oer oanskreaun (sjoch ek ús webstek by 'Brieven 2006' en 'Brieven 2007'). De komisje hat net reagearre.

Wol sukses hawwe wy hân mei ús aksje yn de rjochting fan de Steaten om in provinsjale Fryske komisje yn te stellen om in kanon foar de Fryske taal, skiednis en kultuer gear te stallen dy't (ek)

in goed plak krije moatte soe yn it ûnderwiis yn Fryslân. Oer in hoartsje sil it útstel dêrta yn de Steaten komme en dan sil de kommisje-Boersma in feit wêze. Op de konseptlist fan in stik of tsien kandidaat-leden misten wy ta ús grutte teloarstelling in namme fan in persoan dy't him al tige fertsjinstlik makke hie op dat mêd en neffens ús in fyzje hat dêr't wy fertrouwen yn hawwe. Nei in mienskiplik brief fan de FFU en in stikmannich oare bewegingsorganisaasjes, is de oanbelangjende persoan tafoege oan de list fan de noch te ynstallearjen kommisje. Dêr binne wy tefreden oer.

#### **4. Jierferslach 2006**

It jierferslach wurdt goedkard. Der is gâns wurk ferset, ornearje de oanwêzigen. Liskje merkt op: gean sa mar troch. Nei oanlieding fan brieven dy't wy skreaun hawwe oan de basisskoallen de *Màxima*-skoalle te Ljouwert en 't *Foarhûs* te Drachten oer it ferwaarleazgjen fan it Frysk yn har ûnderwiis - en sokke skoallen binne der gâns mear - wolle wy ta op in *klokliedersgroep*, om sokke skoallen better en systematysker oanpakke te kinnen. Wy hawwe in oprop dien yn de *Frijbûtsjer* (FNP) en de *Swingel* (RfdFB) en hoopje dat dêr minsken op ôf komme. It *FFU*-bestjoer hat it drok en kin net alles goed neikomme. Foar Straatsma is ek noch gjin ferfanger fûn. Help is dus wolkom yn de foarm fan (*negative*) ynformaasje oar skoallen dy't der in potsje fan meitsje of it organisearjen fan aksjes yn de rjochting fan sokke skoallen. Wy sille dêr de publisiteit mei sykje.

Nije bestjoersleden, leafst mei juridyske belangstelling en kennis, binne ek wolkom. Wy hawwe al in jongkeardel frege, mar dy hat earst oare prioriteiten. Benammen de lanlike taalwetjouwing, dy foar it ûnderwiis ynbegrepen, sil foar it Frysk sterk ferbettere wurde moatte. Wy sjogge it leafste dat it foech dêroer, dus ek de wetjouwing oangeande de Fryske taal, skiednis en kultuer, nei de Provinsje giet en dat de Provinsje dus (mei-)wetjouwer wurdt.

Wy binne ek dwaande om in *ûnderwiispriis* yn te stellen foar minsken, organisaasjes en skoallen dy't yn *positive* sin opfallen binne om it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer (sterk) foarút te bringen. Dat sil dit jier (2007) net mear yn kalk en semint komme, mar wy hoopje dat er yn 2008 útrikt wurde kin. Dat leveret grif ek wer (positive) publisiteit op.

Op it stuit binne wy dwaande mei in groepke lju út rûnten fan de *Fryske Akademy*, it *Pedagogysk Wurkferbân*, de *Ried fan de Fryske Beweging* en de *FFU* om in 'Oanfalsplan' te skriuwen foar in better en effektiver taalbelied as dat der op it stuit útfierd wurdt of op priemmen stiet. Dêrby sil de relaasje tusken macht en taal sintraler stean en sil it Frysk in gruttere ekonomyske wearde krije moatte, bygelyks trochdat yn ûnderskate maatskiplike domeinen it Frysk in funksje- en beneamingseask wurdt en ek de *earste* taal.

#### **5. Finansjeel ferslach en ferslach kaskommisje**

Ed hat de finansjele administraasje nei it ferstjerren fan Rindert Straatsma op him nommen en moat der noch wat yngroeie. Hy ljochtet de balâns en de jierrekken oer 2006 ta. Wy moatte fêststelle dat der noch in neidielich saldo is fan €422,80 is en dat oant no ta noch mar 75% fan de leden harren bydrage betelle hat. Wy kinne boppedat gjin akseptkaarten mear brûke, omdat de banken en de giro sûnt begjin 2007 de nammen fan de leden dy't betelje, net mear trochjouwe op de ôfskriften. Wy witte no net mear fan wa't it jild komt. Tenei sille ús leden harren bydrage dus streekrjocht oermeitsje moatte. Wy sille ús bêst dwaan om it ûntbrekkende ledejild noch yn te barren.

Douwe Willemsma hie fan 'e middei oare ferplichtings en koe de kas net (mei) kontrolearje. Wim Grit hat dat wol dien en alles ynoarder fûn. De gearkomste ûntlêstget Ed Knotter, ús skathâlder, mei tank oan Ed en Wim.

### **6. Beneaming leden kaskommisje**

Foar it kommende finansjele jier sil de kaskommisje bestean út Douwe Willemsma en Koop Scholten. Wim Grit wurdt adviseur fan Ed as der finansjele fragen binne dy't it bestjoer sels net maklik beânderje kin. Dêr binne wy wiis mei.

### **7. Aktuele saken**

Dy binne foar it grutste part by de punten 3 en 4 op it aljemint kommen.

### **8. Omfreesjen en sluten**

It omfreesjen smyt neat op en mei tank oan de oanwêzigen slút Tom Dykstra de gearkomste om likernôch 18.10 oere.

*07-06-07sth*